

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Hoogland, deputearre
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Sawol yn de simmer as yn de hjerst fan 2019 hat de FNP fragen steld oer de hanthavening fan de Jabikskrúswoartel-feroardering en de Stikelferoardering, dy't de bestriding fan dy skealike planten regelje.</p> <p>Ut waarnimming troch de FNP en oaren docht bliken dat de Jabikskrúswoartel en de stikels har hieltyd mear ferspriede troch de provinsje. Troch lakse hanthavening en lakse bestriding op de eigen perselen troch de Fryske oerheden, kinne de planten har fierder útwreidzje.</p> <p>Se foarmje in gefaar foar melkfee en hynders, benammen as Jabikskrúswoartel en stikels yn hea of kuil bedarje. Guon boeren gripe dêrom nei de gifspuit om se ûnskealik te meitsjen, wat fansels streekrjocht yngiet tsjin it provinsjaal belied om natuerynklysf buorkjen te stimulearjen. Boppedat oerwoekerje se oare weardefolle planten en ferminderje se dêrmei it bioferskaat.</p> <p>De FNP fynt dat de Fryske oerheden de hanthavening serieuus nimme moat en fynt it teloarstellend dat de provinsje syn eigen regeljouwing net neikomt. De FNP fynt dat de Fryske oerheden, de provinsje foarop, hjiryn in foarbyld wêze moat.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> • Antwurdbrief DS op skriftlike fragen FNP, 5 novimber 2019; • Antwurdbrief DS op skriftlike fragen FNP, 14 jannewaris 2020; • Stikelferoardering 1951 ('<i>Distelverordening</i>'); • Jabikskrúswoartel-feroardering provinsje Fryslân 2007 ('<i>Jakobskruiskruidverordening</i>')
	<ol style="list-style-type: none"> 1. Ut de antwurden fan it Kolleezje op eardere fragen docht bliken dat de FUMO respektivelik de provinsje mar kwalik hanthavenet (allinne nei fragen of klachten). Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat in mear pro-aktive oanpak fan de Fryske oerheden nedich is om de fersprieding fan dizze skealike planten tsjin te gean? Sa net, wêrom dan net? 2. Ek op eigen terreinen fan de Fryske oerheden stean rûnom stikels en Jabikskrúswoartel. Hoewol't der yn guon gefallen by de planning fan it meanen rekken holden wurdt, krije de planten dochs yn in soad gefallen de kâns om út te siedzjen en har fierder oer de provinsje te fersprieden nei lân dêr't fee op weidet of dêr't hea of kuil fan ôfhelle wurdt. Neffens de feroardering moat de rjochthawwende de planten fuort helje. Docht hy/sy dat net, dan folget in boete.

	<p>Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat it ûnbesteanber is dat de Fryske oerheden beboete wurde moatte foar it oertrêdzjen fan provinsjale feroarderingen? Fynt it Kolleezje ek dat it in foarbyldrol hat yn it neikommen fan de eigen feroarderingen? As dat net sa is, wêrom dan net?</p> <p>3. Yn antwurd op de eardere fragen fan de FNP, skreau it Kolleezje dat wizigingen yn de regeljouwing yn oanrin ta de nije Omjouwingsferoardering (ûnder de nije Omjouwingswet) dit jier noch net trochfierd wurde kinne, mar al wol taret wurde kinne. De FNP hat hjirfoar earder in foarstel (foar de stikels) dien. De Omjouwingswet sil no nei alle gedachten pas in jier letter, op 1 jannewaris 2022, yngean. Kin it Kolleezje tasizze dat yn it foarstel foar de nije Omjouwings-feroardering dy't dan yngean sil, ek de ynhâld fan de besteande Jabikskrúswartel-feroardering en by-de-tiid-brochte regels oer de bestriding fan de stikels opnaam wurde sille? As dat sa is, wannear kinne de Steaten it foarstel ferwachtsje? As dat net sa is, wêrom dan net?</p>
--	--

Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>Ut namme fan de FNP Steatefraksje, Wopke Veenstra</p>
---------------	---

Datum	19 augustus 2020
-------	------------------